


De Twirre



desimber 2018



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 35e jiergong nr. 4: desimber 2018. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 febrewaris by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn pj.hoogendoorn@planet.nl		074 - 277 7121
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	Remke van Marle remke44@gmail.com		0541 - 51 4781
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@hotmail.nl		
Webstek Frysk Boun om Utens:	www.fryskbutenfryslan.frl		

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekkennûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

As nij lid fan de krite hat har opjûn mefr. G. Braam - Posthumus út Borculo. Wy hoopje dat hja it by ús nei 't sin ha sil. Graach oant sjen op ien fan de kritejûnen.

Belangrike data

- Freed 11 en 18 jannewaris** Repetysjes fan de Twirresjongers fan 9.30 - 11.30 oere. Plak: De Waterstaatskerk, Deldenerstraat 18 yn Hengelo. Nije koorleden fan herte wolkom!
- Sneon 26 jan.** Jiergearkomste yn it Boarterstúnggebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Nei it skoft: “Op ’e fyts nei Israël” troch Siebe Hiemstra. Oanfang 13.30 oere.
- Freed 29 maart** Kritejûn yn seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Mei “Sânman en Sikke”. Oanfang: 20.00 oere.

In Nij Jier

As dizze desimber-Twirre by jo yn ’e bus leit, is it nije jier 2019 al wer even ûnderweis. It waard te dreech om it desimbernûmer noch foar de krystdagen klear en besoarge te krijen. De desimbermoanne is foar de measte minsken in drokke moanne. We sitte noch yn de donkere dagen, mar oer in pear wike kinne wy al fernimme dat de dagen wer langer wurde. Fan de strange winter dêr’t Piet Paulusma it oer hie, ha wy noch net in soad fernommen. Wy hoopje dat elkenien noflikke sneinen hân hat en wy winskje alle leden folle lok en seine en sûnens ta yn dit nije jier! Yn dit nûmer wurde jo útnoege foar de jiergearkomste op sneon 26 jannewaris en jo fine alfêst ynformaasje oer de kritejûn yn maart.

Oant sjen op 26 jannewaris!

□ It bestjoer

Ferskaat oan nijjierswinsken yn Fryslân

Bildtsk: Feul hail en segen in ’t Nijjaar!

Hylpers: Gelók en seagen yn ’t nijjier!

Sneker stedsfrysk: Alles wat wênslek is!

Frysk: Lokkich nijjier!

Stellingwerfs: Veul heil en zegen in ’t ni’jjoar!

Frysk: De bêste winsken!

Frysk: In protte lok en seine!

Moetings- en Ynspiraasjemiddei yn Hurderwyk

It wie in noflikke middei mei oranjekoeke dy't it Frysk Boun om Utens op 18 novimber hold. Earst is Pier Bergsma, âld skoalmaster út Hurdegaryp oan't wurd. Nei't skoft skriuwster Alpita de Jong.

Pier Bergsma fertelde oer de hjoedeiske sitewaasje fan de Fryske taal. Oan de iene kant hat it der nea sa goed foarstien: mei de wetlike ferankering is neat mis. Frysk is in ferplicht fak yn it ûnderwiis. Mar in soad masters en juffers kinne gjin Frysk, en hja sykje frijwilligers om Frysk te jaan.

Wa't op de boartersplakken fan ús basisskoallen omrint, heart wat langer wat mear Nederlânsk. Wa't yn 'e winkelstrjitten rint, sjocht allinnich mar Hollânske en Ingelske reklame. Nea reklame yn 't Frysk. Is dit noch te kearen? Iksels tink dat it best ris sa komme kin dat oer sis mar 50 jier it Nederlânsk tsjinoer it Ingelsk yn inselde drege sitewaasje sit as it Frysk no tsjinoer it Nederlânsk. Yn winkels kinne hja

no faaks al better terjochte mei Ingelsk as mei Nederlânsk. De hiele wrâld wurdt ynternasjonaler, dat is net te kearen.

Nei it skoft kaam skriuwster Alpita de Jong en fertelde oer it libben en wurk fan Joost Halbertsma, wêr't hja in biografy oer skreaun hat. Joost Halbertsma (Grou 1789 - Deventer 1856) wie in tige bysûndere man, hy kaam o sa op foar it Fryske.

Doe wie der in stampotbuffet en op 'e jûn it toanielselskip "Pro Rege" fan Holwert mei it stik "In frou fan fiif miljoen". Wy seagen yn 'e keuken fan in restaurant en dêr barde hiel wat... Al mei al miste ik de lêste trein, dat myn frou moast my noch út Swol helje. Mar it wie de muoite wurdich.

□ Siebe H. Hiemstra

Fryske tsjerketsjinst yn Tweekelo

Doe't we op 18 novimber tsjin healwei trijen yn Tweekelo oan riden kamen, stie it parkearplak by de Johannestsjerke al fol; allegearre tsjerkegongers of kuiersders mei dit moaie waar? Yn elk gefal wiene doe de 60 liturgys al op, mar by inoar ynsjen koe fansels ek wol.

De kritefoarsitter makke yn syn wurd fan wolkom dúdlik wa't fan 'e middei de foargongster wêze

soe: syn frou, Monica Schwarz, dy't hjoed har skoanmemmetaal brûke soe. Sels kaam se út Switser-

lân, mar it Frysk hie se by de skoanfamylje gau oppikt. En yn Grins hie se destiids tagelyk mei Siebe in kolleezje folge oer it preekjen yn it Frysk. No, dat Frysk gie har hjoed bêst ôf. Se hie in moaie tsjinst - mei help fan in tariedingsgroepke fan kriteleden - yninoar set. Mei lieten, gedichten en in tekst fan in psychologe (allegearre oerset út it Nederlânsk) passend by de bibeltekst oer Job en syn freonen, dy't Job prebearje ta treast te wêzen yn syn ellinde. Dat wie ek it tema fan de tsjinst: treaste by fertriet. En nei ôfrin krigen we de

teksten ek noch op papier mei. No, dúdliker en leechdrompeliger kin in tsjerketsjinst net wêze, tocht my.

Yn de tsjinst waard kollekteard foar it Reade Krús yn ferbân mei de ierdbeving op Sulawesi. De opbringst wie 131,70 euro.

Neitiid ha we noch gesellich nei-praat by in kopke kofje of tee mei de gebrûklike lekkere dúmkjes fan Grieteke, dy't dizze kear moaii grut útfallen wiene. En Jan Blanksma hat mei in tal minsken noch yn de iuwenâlde skuorre west dy't froeger in skûltsjerke wie fan de menisten. □ Eeke de Boer

Nijjersmoarn (Froukje Annema - Noordenbos)

*Klokken liede oer ús ierde,
roppe: "Nijjersmoarn!"*

*Tolve moannen; in jier fan ûnrêst.
Dat ha wy wer hân.*

*'t Kommend jier dat leit no foar ús,
leech noch, skjîn en nij.
Sa'n jier - 't liket sa ûneinich -
wat it bringe mei?*

*Graach wat frede en leafde,
wat mear fêstichheid.
'n Bytsje mar wie al foldwaande,
foar tefredenheid.*

*Graach wat rêst nei al ús jachtsjen
en wat tiid foar lok.*

*Sizze kinne: "Sil 'k dy helpe?"
En net: "Ik ha 't te drok."*

*Graach wat oar nijs yn'e kranten
Net mear al dy striid.
Minder misdie, minder lijen.
Dat makket ús sa bliid.*

*Goede plannen binne makke.
Hâlde wy ús dêr oan?
Begjin in jier fan inkeld goedens.
No! Op nijjersmoarn.*

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: HJERST. It Frysk hat noch sa'n soad moaie wurden, dy't spitigernôch soms hast net mear brûkt wurde en dy't je faaks allinnich noch yn boeken tsjin komme.

Dêrom noch mar ris in selde soort puzel: de omskriuwings moatte yn de goede folchoarder set wurde en de letters dêr achter foarmje dan in wurd wat te krijen hat mei bern yn'e snie.

de wurden:

1. winliken
2. earmtakke
3. ornaris
4. hanbûtse
5. slûchslim
6. skansearje
7. hommels

de omskriuwingen:

- skea tabringe (J)
de hannen waarm slaan (D)
ferbining tusken boppe- en ûnderearm (L)
ynienen (E)
eigentlich (S)
gewoanlik, faaks (Y)
glêd, liep (Z)

□ Eeke

De sprekker

Ljippe hie sels sein dat er wolris in ynlieding foar ús rûntsje hâlde woe. Dat wie moai fan Ljippe, de measten hawwe altyd wol in ferlechje om der foarwei te kommen. Ljippe makke dêr in útsûndering op, sokken hat men wat oan. De foarsitter neamde it ek al yn syn taspraakje: Wy moasten mear leden ha as Feenstra.

En doe krige Ljippe it wurd. Swierich stapte er efter it buordsje: "Foarsitter, fergadering..." Krekt sa echt as it mar koe. "Ik ha it net oan tiid hân om alles op te skriuwen, dêrom ha ik in pear punten op papier set. Oan de hân fan dy punten woe ik jûn de wrâldpolityk behannelje yn fûgelflecht." Dat wie my nochal wat, wa hie dat oait efter Ljippe socht.

"Ik wol de wrâldpolityk ferlykje..." Ljippe seach ús mar wat helpleas oan. Hy sei it nochris en seach op syn briefke. "Heden, wat woe ik ek wer sizze? Hjoed ûnder it wurk wist ik it noch sa goed as wat." Ljippe seach yn neitinken in skoft nei de souder, it waard hast pynlik stil.

Ljippe skodholle. "It spyt my foarsitter, ik kin der net opkomme." Mei 't er nei syn plak rûn sei er ûntskuldigjend: "Ik wie de tried kwyt, oars neat. It kin bêst wêze dat it my jûn wol wer yn it sin komt, mar dat jout ús no neat."

□ Paulus Akkerman út "Wat wie 't wat"

Oer in kristlike bear en in kristlike pappegaai

Dea. Yn 'e oarloch barde it yn in lyts doarp yn Fryslân dat in ploechje Dutske soldaten yn 'e doarpsherberch gie om te drinken. Op in stuit hearden se de pappegaai yn in kooi yn 'e hoeke roppen en roppen. Se gongen nei it bist ta en hearden no wat er rôp: "Hitler is dea! Hitler is dea!" Se hellen de kastlein derby en seine: "As dit bist dit moarn noch seit, gjit syn kop derôf!" De kastlein hie in minne nacht. Wat moast er dwaan? Je kinne in pappegaai makliker wat oanleare as ôfleare. By de moarnskimer krige hy in ynfal: dûmny hie ek in pappegaai, koene se mooglik efkes ruilje? En ja, dûmny help mei. Jûns kamen de soldaten wer. Hja rûnen fuort nei de pappegaai, mar it bist sei neat. De soldaten hiene har al lekker makke op in fersetsje. It foel har ôf. Om de pappegaai op te hiesjen, flústeren hja: "Hitler is dea! Hitler is dea!" Doe die de pappegaai de snavel iepen en sei stadich en plechtich: "Laten we samen danken!"

Afrika. In sindeling in Afrika moast op in sneintemoarn op wei nei in lyts doarpke om dêr te preekjen. It skimere noch doe't hy in smel boskpaadsje ynsloeg. Ynienen lei der in hiel grouwe slange foar him op 't paad. Hy skrok ôfgrysliek en bea: "God, lit it dochs in kristlike slange wêze". Doe 't er de eagen wer iepen die, seach hy de slange fuortkrûpen. Mei moed gong er fierder. Mar ynienen stie der in grutte liuw op 't paad. Hy koe gjin kant út en bea: "God, lit it dochs asjebleaf in kristlike liuw wêze!" En doe't hy de eagen wer iepen die, seach hy de liuw weiwurden yn 't strewiel. De skrik siet him noch danich yn 'e skonken, doe't er in bocht om gong en dêr stie in grutte bear pal foar him. Hy die de eagen ticht en bea: "God, lit it dochs in kristlike bear wêze!" En doe't de sindeling syn eagen wer iepen die, seach hy dat de bear ek syn foarpoaten gear hie en bea: "Here, zegen deze spijze, amen." □ Siebe H. Hiemstra

Kontribúsje 2019

Freonlik fersyk de kontribúsje (20 euro foar ien persoan; 35 euro foar twa) sels oer te meitsjen op bankrekken NL08 INGB 0004 2915 44 fan Freonen Fryske Kultuer. Graach op syn lêst yn jannewaris. Alfêst tige tank foar jim meiwurking! Noch fragen? Nim rêstich kontakt op!

□ Paul Hoogendoorn, ponghâlder

Jiergearkomste op sneon 26 jannewaris 2019

It bestjoer fan de krite noeget alle leden út foar de Jiergearkomste op sneontemiddei 26 jannewaris yn it Boarterstúnggebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. We begjinne om healwei twaën; sa as altyd mei nijjerswinskjen en kofje of tee mei oranjekoeke. De ferslaggen foar de fer-gadering lizze dan al op 'e tafels, sadat elk dy trochlêze kin.

We sjogge werom nei it ôfrûne jier en de plannen foar it kommende jier wurde besprutsen. Yn it bestjoer binne Remke van Marle en Auke Hoekstra ôfgeand. Joukje Eringa hat in jier yn it bestjoer meirûn en kin no of-fisjeel beneamd wurde as bestjoerslid.

Nei it skoft komt foarsitter Siebe Hiemstra oan it wurd. Hy hat in fytstocht makke nei Israëel. Oan 'e hân fan dia's sil hy fertelle oer syn belevissen ûnderweis en yn dat bysûndere lân. □

Tiden hawwe tiden

Gjin wetterleiding, gjin elektrys. Fier nei de oarloch wie dat bûtenút noch hiel gewoan. It drinkwetter kaam dan faak út de reinwetersbak. Meast stie dy bûtendoar. It

deksel moast om-heech, de aker gie op 'e kop yn 'e bak en waard oan in ketting wer omheech helle.

It reinwetter wie sacht en der wie gjin lekkerder tee as fan reinwetter.

Mei de moderne tiid kaam de reinwetersbak fol pún: fuort! Yn de reinwetersbak hearde in mûdhûn om it wetter skjîn te hâlden. Fraach oan ús lêzers: wit jim wat in mûdhûn is?



De Luts

It smûke plakje Balk is boud oan wjerskanten fan it rivierke de Luts. Dit moai mei linebeammen begroeide wetterke leit simmers fol mei lytse plezierboatsjes. Fia de Luts en de Van Swinderenfeart farre jo sa nei de marke by de Wyldemerck, it libellereserfaat yn de bosken by Aldemardum. Yn de inkelde winters dat der in Alvestêdetocht riden wurde kin, foarmet de Luts foar de tûzenen reedriders de ferbining tusken de Sleattemermer en de Fluessen. It rivierke ynspirearre dichter Herman Gorter ta it skriuwen fan syn gedicht “Mei”.

*Een nieuwe lente en een nieuw geluid;
Ik wil dat dit lied klink als het gefluit;
Dat ik vaak hoorde voor een zomernacht;
In een oud stadje langs de watergracht....*

It sintrum fan Balk, dat syn namme te tankjen hat oan in ienfâldich brechje (balke) oer de Luts, hat hiel wat monumentale gevels. Op it F.D. Hoekstraplein stiet in stânbyld fan Herman Gorter, makke troch Suze Berkhout. As Gorter út syn eachhoeken sjen koe en as syn briltsje him net koart nei de ûntbleating fan it byld ôfnommen wie, dan koe er de Luts noch krekt sjen. Oan 'e Sleattemermer is in oantal jierren lyn in nij stikje strân opspuite. Op it strândsje of op it terras fan it paviljoen “Badmeester Keimpe” ha jo in prachtich útsjoch oer de Sleattemermer. “Badmeester Keimpe”, Tsjamkedykje 10, Balk. www.badmeesterkeimpe.nl

□ út “200 Plekken in Friesland, die je echt gezien moet hebben” Annemarie Bergfeld

Besite (Saakje Huisman)

*Juster haw ik
op besite west
by mysels.
Der wie tiid,
Begryp en rêst.
Ik haw my
dêrom foarnimmen
om ris faker
del te kommen.*

(ynstjoerd troch ús kritelid mefr. Steensma út Haaksbergen)

Spreuken, sechjes en seggy's

Yn it ramt fan LF2018 wie der it *Lân fan taal-projekt* mei as meast opfallend it gebou OBE op it Aldehouplein en it al wer ôfbrutsen paviljoen MeM yn de Prinsetún. Op dit lêste plak kamen ek de ferskillende farianten fan it Frysk oan 'e beurt, sa as it Bildtsk, it Stellingwerfs, ferskillende soarten stedsfrysk, mar foar it Hylpers wie gjin plak. En dêr binne de Hylpersen no aardich nidich om.

En besjoch ik no it bûsboekje 2018, dan stiet der ek gjin wurd Hylpers yn. Wol allerhande aardige siswizen fan oare Fryske dialekten. In stikmanich fyn ik aardich om hjir ris te neamen:

Stellingwerfer spreuk: *Kaekelen kan iederiene, mar eier legge?*

Bildtsk: *Elk het wel's ferlet fan 'n skouderkloppy, al is't maar met 'n fingertoppy en Fergeet nooit de stam derstou 'n sprútsje fan bist.*

Harnzer spreuk: *Ast sitte wust gaast maar naar Leeuwarden.*

Liwwarders: *Dou hest de keutel bij it skoane end en Hy mut ome segge teugen de Oldehove.*

Wat se betsjutte, och dêr kom je wol achter as je eefkes der oer tinke. No komt der elk jier ek in Fryske Spreukekalinder út en dêrop fûn ik it Bildtske "seggy": 'n Bek as 'n ortseef. En der koe ik neat fan meitsje. Ik ha it oan de beide lêsgroepkes foarlein en dêr kamen hiel ferskillende mieningen op tafel. Is der no ûnder de Twirrelêzers immen dy't wit wat dizze útdrukking betsjut? Stjoer jo reaksje mar nei de redaksje fan de Twirre of belje my: 0546-850970.

□ Eeke de Boer

Tsjerketoer fan Nijehoarne

Koartlyn wie ik oan 't sneupen op it ynternet, en stjitte dêr op in wat frjemde saak. De tsjerketoer fan Nijehoarne wie net yn it besit fan de tsjerke, mar fan de gemeente It Hearrenfean. Hoe koe dat? Nei wat útplúzjen kaam ik der efter, dat dit tebek giet oant de Frânske tiid. Yn it jier 1798 naam it regear fan de Bataafse Republyk it beslút de tsjerketuorren, dy 't yn it be-

lang foar it lân binne, te anneksearjen. Staatsregeling fan 1798.

Dêryn waard yn artikel 6 van de Additionele Artikelen bepaald:

“De torens aan de Kerkgebouwen gehegt, benevens de Klokken met derzelver huisingen, worden verklaard, eigendommen te zijn en te blijven der Burgerlijke Gemeenten, staande te allen tijde onder derzelver beheering en onderhoud.”

It gong de regearing om ferskate redenen. De tuorren binne goede útsichtposten en de klokken kinne yn gefal fan need alarm jaan. Fierder wie de tsjerketoer foar it útmjitten fan lân en wegen in goed útgongspunt. Hiel dúdlik is dit noch te sjen oan wegen dy't destyds oanlein binne. De tsjerketoer stiet, fan fierens besjoen, faak midden op de dyk; bgl. by de wei fan Oldenzaal nei Denekamp. Dizze anneksasje is nei de Frânske tiid net wer weromdraaid, kening Willem I liet it sa as it wie. Der binne yn de rin fan de tiid wol wer tuorren weromkocht troch de tsjerken mar net al gearre. De tsjerketoer fan Nijehoarne waard jierrenlyn wer oan



de tsjerke oanbean foar 1 gûne, mar de tsjerkerie sei: “Hâld him mar moai, want hy is nedich oan ûnderhâld ta, dat wurdt ús fiersten te djoer.” Sa is it gong, en sommige dingen hawwe in lang libben.

□ Hendrik Tel

Friezen hienen in eigen iisbaan

De eardere Fryske krite yn Enschede “Fier fen Hûs” hat oant 1962 ta bestien. De krite hie in rike histoarje. Ien fan de wapenfeiten wie in eigen iisbaan yn 'e stêd. Wy fûnen in lyts kranteberjochtsje út 1903. De iisbaan lei oan 'e Hengelose kant fan it sintrum, by it spoar. Der is dêr no noch in “Iisbaanweg”. De foto is fan de “tinte” op 'e iisbaan mei noch de namme “Vooruit” der op, de eardere eigner fan 'e baan.



29 Decr. 1903. De Ijsclub „Vooruit” sluit met het Friesche Selskip „Fier fen Hûs” eene overeenkomst, waarbij hare ijsbaan aan deze Vereeniging overgaat, onder toezicht van het Gemeentebestuur van Enschede. Voortaan zal zij den naam dragen van „Ijsbaan Fier fen Hûs”. De Ijsclub „Vooruit” legde daarop een ovale ijsbaan aan in de Stadsweide; deze bestond slechts een paar jaar.

Freed 29 maart, Sânman en Sikke by Vrieler

Op freed 29 maart sil de fokale mânljusploech “Sânman en Sikke” foar ús optrede yn seal Vrieler. Wy tinke dat it in hiele nijsgjirrige kritejûn wurdt. Sânman en Sikke hat syn oarsprong yn Warkum. Yn 1994 is de ploech oprjochte troch Siebren Kramer. It like him prachtich ta om mei mannestimmen mearstemmige muzyk te meitsjen yn alle tinkbere stilen. Sûnt dat prille begjin, mei as earste oefenromte skipswerf “De Hoop” yn Warkum, wurket de ploech oan in bysûnder farieard repertwaar, dat bestiet út eigen nûmers en “liende” muzyk.



De ferskate soarten muzyk, fan Barbershop oant Beatles en fan Gospel oant Westcoast, soarget derfoar dat it publyk him gjin momint hoecht te ferfelen. Ek de eigen Fryske nûmers en de ynformele presentaasje drage by ta de identiteit en de útstrieling fan de ploech. Ut it grutte oantal optredens yn de provinsje, mar ek dêrbûten, blykt wol dat de sound fan Sânman en Sikke by in grut publyk yn de smaak falt. De ploech bestiet út de mânlju: Tsjamme, Siebren, Robert, Peter, Klaas-Pieter, Klaas, Foppe en Bareld. www.sanmanensikke.nl

Freed 29 maart: Sjongploech “Sânman en Sikke” Plak: Seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Oanfang: 20.00 oere. Yntree: leden fergees; net-leden 9,50 Euro; studinten 5,00. Mei in gesellige ferlotting. Gjinn ferfier? Ha jo gjinn ferfier of sjogge jo der tsjinoan om yn it donker te riden? Belje dan even mei Grieteke van de Veer 074 - 2918564 of mei Paul Hoogendoorn 074 - 2777121. Dy fine dan grif in oplossing foar jo.

Nijs út Fryslân

ReOpening, de ôfsluting fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018.

Wat moat ik dwaan om it yn myn myn eigen omkriten better te meitsjen? Dat is de fraach dy't tûzenen Friezen en net-Friezen oanset hat om de mouwen op te strûpen yn 2018. Om yn stee fan allinnich nei it eigen belang te sjen, har yn te setten foar minsken, natuer en maatskippij. Sa kamen der hiel wat moaie projekten ta stân mei nije ideeën. De ôfsluting fan it Kulturele Haadstêdsjier 2018 wie fan 3 - 25 novimber mei ferskate foarstellingen, manifestaasjes en tentoanstellingen yn Ljouwert, mar ek yn oare plakken yn Fryslân. It rint ek noch troch yn 2019.

Rembrandt en Saskia yn it Frysk Museum.

Nei de grutte tentoanstellingen oer Alma Tadema, Mata Hari en Escher hat it Frysk Museum no: "Rembrandt en Saskia, liefde in de Gouden Eeuw". Yn 2019 is it 350 jier lyn dat Rembrandt stoarn is. Dêr wurdt op ferskate plakken oandacht oan jûn. Saskia Uylenburgh (1612 - 1642) wie de earste frou en grutte leafde fan Rembrandt. Hja kaam út in juristefamylje yn Ljouwert. Rembrandt moete har yn Amsterdam en troude mei har yn 1634 yn St. Anne. Blikfanger fan de tentoanstelling is it portret fan Saskia, makke troch Rembrandt, dat foar it earst sûnt 250 jier wer yn Nederlân te sjen is. It is eigendom fan in museum yn it Dútske Kassel. It pear Rembrandt en Saskia is it úthingboerd foar de tentoanstelling, dy't yn bredere sin giet oer it houlik yn rike famyljes yn de 17e ieu. Oant 17 maart yn it Frysk Museum yn Ljouwert. Fan 12 april oant 11 augustus yn Gemäldegalerie Alte Meister yn Kassel.

Abe yn Museum Heerenveen.

Der wie in teaterspektakel mei syn namme en de binne al hiel wat boeken oer him skreaun. Yn 2020 sil it 100 jier lyn wêze dat Abe Lenstra berne is. Yn it museum yn it Hearrenfean is in lytse tentoastelling oer de fuotbalder, as oanloop nei dy hûndertste bertedei. Yn de fitrines binne de "wûndersloffes" fan Abe te sjen, boekjes mei fuotballessen, foto's en sigaren mei Abe-bandsje. Dat lêste wiene relaasjegeschenken fan de klub. Der is ek in Abe Lenstra skuorkalinder útbrocht. Dy bestrykt 2019 en 2020. It is in grouwe kalinder mei ien dei oan elke kant fan in bledsje. Hy stiet fol mei foto's, knipsels en sterke ferhalen oer Abe. Oant en mei 2020 sammelt it museum noch ferhalen en oantinkens fan elk dy't wat bysûnders oer Abe te fertellen hat. Besikers kinne op in kaart har oantinkens diele. □

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Sterke stikken fan skûtsjeskippers

Prûmke. Tsjintwurdich? Der wurdt maar raar mei dy skûtsjes omknoeid. Dan moat der wer in stik tuskenyn en dan is er wer te lang. Of de mêst moat foarliker of nei efteren. Mar better wurde se der noait fan. Nee, dan âlde Eeltsjebaas fan De Jouwer. Dy rûn op 'e helling by it skip lâns, drukte yn 'e rin wei syn prûmke stjin de sydkant en sei tsjin de feint: “Sjoch dêr moat it swurd sitte”.

Pas op. De hellingbaas woe syn jild wolris fan de skipper barre, mar dy wie net foar ien gat te fangen. Op in kear kaam de skuldeasker der oan mei in deurwaarder. De skipper wie net gau fan de kaart, want wylst de beide hearen de gammele loopplanke oprûnen sei er: “Pas op, pas op, fal net”. Op dat stuit kaam de mollehûn út de roef kûgeljen en biet beide mânlju yn 'e skonken. De hearen naaiden der hurd út en de skipper ferklearre letter oan de rjochter dat hy it net helpe koe. It hûntsje hjitte tafallich “Pas op”.

Dreagje. De Twellegeaster skipper wie net sa mak. Hy foer mei syn jonkje fan in jier as acht. Op 'e Grouwe Kat by Arum liet de jonge wylst er ierpeldreage, it hiele pantsje yn 'e opfeart knoffelje. De skipper fan de Twellegeaster pream boomke achterút en de jonge moast krekt sa lang yn de modder ombaggerje dat er it pantsje en it rûchste fan de ierpels wer boppe wetter hie. “Si-sa,” sei de heit “en no dreagje”.

□ Oernommen út “Heil om seil”, skippersferhalen fan Hylke Speerstra (1968)



Resept

Nijjerspriuwke

200 gram giele rezinen; 200 gram droege abrikoazen; 5 krûdnagels; 1 stikje pypkaniel; 1 mingel appelsop.

Foar in alkoholfrij “drankje”, dat noch it measte wei hat fan boerejonges. In protsje rezinen en abrikoazen op âldjiersdei te weak sette. Op nijjiersdei it wetter derôf jitte en it guod yn in stopflesse rûgelje. In stik as wat krûdnagels en in stikje pypkaniel der by yn dwaan en appelsop opjitte. De smaak moat der eefkes ynlûke, derom it guod in skoftke op in koel plakje stean litte. Optsjinje yn lytse gleskes, klinke op it nije jier en stadich priuwkjend opite mei in leppeltsje. □ Ut “De nije Petele” fan Wieke de Haan

Riden leare (Simy Sevenster)

Lytse Arjen sil op redens
Foar de alderearste kear.
Heit giet mei him nei de sleat ta,
Sjoch, de stoel dy stiet al klear.

Heit bynt him de redens ûnder,
Hâldt it jonkje by de hân
En de redentsjes dy skrasse,
Arjen fynt der earst neat oan.

Riden leare is net maklik
De izerkes glide hieltyd út.
En as heit der net om tocht hie,
Lei er altyd op de snút.

Knoffeljend giet Arjen fierder.
't Jonkje docht och sa syn bêst.
Stappe, glydzje, streekje, sljurkje,
Heit dy hâldt him stevich fêst.

De oare deis dan giet it better.
Heit dy lit him alris frij.
Arjen set sels wiffe streekjes
En hy glunderet der grutsk by.

Lytse Arjen stiet op redens.
No al foar de tredde kear.
En hy streket sûnder omsjen.
Mei dy Arjen komt it wol klear.



Boekenijs

De Jorwerter Dweilstikken, Douwe de Bildt. Ut it foaropwurld fan de skriuwer: “Yn 1971 kaam ik yn Jorwert te wenjen. It kafee wie in wichtich moetingssplak foar de Jorwerter. Elk hie syn ferhaal. Dêr hearde in slokje by. Ik fermakke my tige mei de moaie en bytiden healwize fiten dy’t opdyst waarden. Faker as ien kear kaam itselde ferhaal foarby, alle kearen moaier. In ferhaal moat rypje, krekt as wyn en tsiis.” *Priis: 15,00.*

Harm van de Meer fertelt, mei foto’s fan Henny van den Berg, It libben fan dirigint, muzykmaster en minskeman Harm van der Meer (Bantega 1940) spile him ôf tusken skoallen, koaren en orkesten, jonge en âlde minsken, yn doarp en stêd, en yn it iepen fjild. De minsken en de muzyk joegen him genôch stof om it tal ûnferjitlike ferhalen en anekdoates op te skriuwen, dy’t yn dizze bondel sammele binne. *Priis: 17,50.*

It testamint fan Tonnema, Gooitzen Monsma. Haadpersoan yn dizze debútroman is Wytse Riemersma. In jonge mei in dimmen aard dy’t, nei’t er syn ulo-diploma helle hat, op in notariskantoor komt. It spilet yn de sechstiger jierren, as de earste tekenen fan de wolfeartsmaatskippij de kop opstekke en de noarmen wat lossere wurde. Dat

lêste kringt noch net echt troch ta it kristlike miljeu dêr’t de haadpersoan yn opgroeit. *Priis: 16,00.*

Monkeys dilemma, Eize de Boer. It is 1984 en in soad minsken bin troch de krisis sûnder wurk. Dat men feitlik bliid wêze moat mei elk baantsje, kniest it selsbetrouwen fan in 33-jierrige man. Lang om let rekket er wer oan it wurk, dêr’t syn kollega’s him Monkey neame (wêrom wit er net). Monkey, trouw mei Tanja en heit fan twa lytse bern, sit altyd yn noed. “Soene se my wer kwyt wolle? Ik bin it ommers mar.” *Priis: 18,50.*

Dreaun fan ierd’ dream, Philipus Breuker. Biografy fan Obe Postma. Gjin boek mei in soad Obe-feitsjes, wol kin it de lêzer helpe om de poëzij fan de bard fan Koarnwert better te begripen. Obe Postma wie net in man fan grutte freonskippen. In soad minsken dy’t yn syn gedichten foarkomme as freon, binne gauris net mear as in flechtich kontakt. *Priis: 35,00.*

Mearkes út de wâlden, Dam Jaarsma. Dam Jaarsma fan Eastermar (1914-1991) skreau yn fjirtich jier mear as sechtjintûzen ferhalen op dy’t minsken út de fiere omkriten fan Eastermar oan him trochdiene. Dit boek is in brede seleksje fan de mearkes dy’t er samle. *Priis: 19,90.* □ Ali Bonhof

Witte jo dat

- Yn de seedyk tusken Marrum en Hallum in nij wettergemaal (De Heining) kommen is? It hat in kapasiteit fan 250 kubike meter per minút. Yn in wiete rite moasten de bouboeren dêr soms gebrûk meitsje fan needpompen. It is ek in natoerprojekt: fisken sille hin-en-wer kinne tusken it sâlte en swiete wetter en der ûntstiet in stik brak wetter wat ek wer bepaalde fûgelsoarten oanlûkt.
- It tal leerlingen yn it fuortsetûnderwiis dat Frysk as eineksamenfak kiest de lêste fiif jier mear as ferdûbele is? It giet om 66 leerlingen fiif jier lyn tsjinoer 138 no. It binne fansels dochs lytse oantallen, mar dochs.
- De Afûk in kalinder útjout mei elke dei in moai Frysk wurd. Je krije de fertaling der by yn it Nederlânsk en Ingelsk en in tapaslik plaatsje.
- By de Eschertentoeanstelling yn it Frysk museum 256.450 minsken west ha? It wie hielendal útferkocht en it waard ek in grutte opstekker foar de horeka yn Ljouwert. Tsien persint fan de minsken kaam út it bûtenlân, 68 persint út de oare provinsjes, 22 persint út Fryslân.
- Dat it Ayttablomke, Frysk foar winterakoniet, syn namme te tankjen hat oan de Aytastate yn Swichum? Yn de 18e ieu waard de state ôfbrutsen, mar it eigenwize stinzeplantsje oerlibbe it geheister. Noch altyd kin men de giele bloeier fine op it hiem fan de pleats dy't op it plak fan de state kaam. Ien fan de bewenners fan de state wie Bucho Aytta fan Swichum.
- Fan hokker plak der in foto achter op dizze Twirre stiet? De lêste kear hienen wy de toer fan Eagum.



De foto efter op de foarige Twirre jout de toer fan de eardere tsjerke fan Eagum wer. De toer stamt al út de 13e ieu. De tsjerke dy't der by stien hat is yn 1856 ôfbrutsen. Der leit in spreuk oan de foet fan de toer mei de tekst: “Aegum leit mids de wrâld, trije hoannestappen fan de toer, dêr is it middelpuntsje en dy't it net leauwe wol, kin it neutrêdzje.” As it wier is, ik wit it net. Eagum is it lytste doarp fan de gemeente Ljouwert en hat ûngefear 30 ynwenners. □ Hendrik Tel

fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

